

# It inerlik lânskip fan in dichter

Gedichten nei oanlieding fan skilderijen – kin dat goedkomme? Jawis wol. Dichter Eppie Dam jout yn de bondel *Omstreken* de bewizen.

## Resinsje

Abe de Vries

**K**leuren, foarmen, Fryske plaknammen as titels: de abstrakt-ekspresjonistyske lânskippen fan de skilder Johan Haanstra (1914-1991) hawwe foar dichter Eppie Dam de ynspiraasje west om 29 meast koarte fersen te skriuwen by likefolle skilderijen. De moai fersoarge útjefte op grut formaat *Omstreken* bringt beide, wurd en byld. De Fryske fersen binne troch de dichter ek yn it Nederlânsk oerbrocht.

Earst wat oer de skilder. Haanstra kaam yn 1976 út Enschede wei yn Warns te wenjen, en dêr skeakele er oer fan swartwite portretten op kleurige komposysjes dy't har it bêst omskriuwe litte as inerlike lânskippen. Om't er se net mar hieltyd 'Sûnder titel' neame woe, plôke er de topografyske nammen foar syn wurken willekeurich út it tillefoanboek. Op de oanbelangjende plakken hie er noch noait west; bylden en nammen hienen neat mei elkoar te krijen.

Foar dichter Dam, dy't yn 'e besnijing fan Haanstra syn wurk rekke doe't er yn 2016 by útjouwerij Hille Faber yn Warkum in katalogus trochblêde, joech krekt dat feit in dûbeld hâldfêst foar syn fersen. De

skilderijen skúnden him wurden yn, mar de plaknammen ek. Sa koe bygelyks it skildery *Bontebok* (1979) de oanstjit wurde foar it hekelfers *portret fan bontebok*. Dat giet, ek sjoen de ûndertitel 'lyts kleure-offensyf tsjin / whitehead donald & the shadows', oer Donald Trump en mear fan sokke praatsjemakkers: 'noait it skaad gewurde litte / fan in kuddeblinde wytkop / dwyl en heazich blêrend / pochend op syn poadium / foar de nije flekkeleazen // ûnderwyl mei ynbegryp / fan gnizende baudetten / en kâlds-lachtsjende filders'.

## Hâldfêst

It inerlik lânskip fan de byldzjend keunstner feroaret op sa'n manear yn it inerlik lânskip fan de dichter. Dat lêste is in literêr lânskip, dat ûnder mear befolke wurdt troch (yn 'e werklikheid besteande) keunstnersfreonen. Sa't Haanstra syn lânskippen stoffearre mei kleur, sa docht Dam dat mei freonskip. Yn *Omstreken* treffe wy fersen oan dy't opdroegen binne oan Jantien de Boer, Elske Kampen, Henk Kroes, Elmar Kuiper, Jacobus Smink, Gerrit Terpstra, Margryt Poortstra, Goaitsen van der Vliet en myn persoan. Alle gear lju dy't op of ien of oare wize yn 'e omstreken fan 'e dichter tahâlde, dêr't er him yn ferpleatst en dy't sadwaande mei hâldfêst jaan kinne foar fersen.



De skilderijen *Deinum* (links) en *Kleurstelling 1* fan Johan Haanstra. Foto's: uitgeverij DeRyp

Sa't Haanstra syn  
lânskippen  
stoffearre mei kleur,  
sa docht Dam dat  
mei freonskip

Hâldfêst. Dam – dy't lykas bekend oantangele sit mei de erflike sykte fan Huntington – siket it ek yn de taal, yn in protte rimen, yn it ritme fan trije- en fjouwerfuottige rigels, yn dúdlike strofe-yndielingen. Untdien fan haadletters, komma's en punten is de kadâns fan dizze gedichten gauris strak, bytiden suver ienlûdich. Dat past bytiden goed by it abstrakte karakter fan it skilderwurk dêr't nei ferwiisd wurdt: 'marsum hat in macht oan roazen / mei it hert nei bûten teard / sûnt de ploech-metamorfoaze / wie gjin fjild sa swart fan read', sa dichtet Dam foar Kuiper.

Net alle fersen binne like oansprekkend fan dizze 'dichter yn swarte teneur beklonken / noait

útblinkend yn dulci jubilo', sa't it gedicht *stelling* seit. Likegoed is der altyd fakmanskip, belutsenens, taalmacht. Om – yn de wurden fan de dichter – de grize sneinen mei te ferslaan, de âlde stikel út it fleis te lûken, in skuld fan 'e baan te skowen. Om it inerlik lânskip fan Eppie Dam, dat foar in part ek ús inerlik lânskip is, mei stal te jaan.

Omstreken. Eppie Dam/Johan Haanstra. Utjouwerij DeRyp, 20 euro

